



*De silveren kaatsbal die in 1769 te Mantgum is verkaatst. Het jaartal staat uiterst rechts op de bal. Met de twee knopjes kan de bal worden geopend. Foto: Eigenaar van de bal.*

Eén zijde van de bal is in de jaren vijftig van de 20<sup>ste</sup> eeuw door een familielid afgeplat. De man was werkzaam op een zilverfabriek en hoewel het feit van de vervorming op zich spijtig is, is het wel vakkundig gebeurd. De bal is daardoor niet meer helemaal rond en rust op een plat vlak.

Uit de documentatie van het Kaatsmuseum is nog één zilveren bal bekend die in twee helften is verdeeld. Het is een vergelijkbare bal qua grootte en uiterlijke ornamentiek, maar verder zijn er veel verschillen. Het is een bal uit het bezit van de kaatsfamilie Kooistra uit

Wonseradeel. Deze bal is in een latere periode voorzien van een drietal knopjes, waardoor de bal als het ware op pootjes blijft staan. Aan de bovenzijde is een knop toegevoegd waarmee dit deel als deksel kan worden geopend. De binnenzijde was gevuld met een fluwelen kussentje dat diende als speldenkussen.

Bij de huidige eigenaars heeft de bal in ieder geval eenmaal als sieradendoosje dienst gedaan. Dat was bij het huwelijk van hun dochter. In de kaatsbal zaten toen de trouwringen voor het bruidspaar. Het spijt de huidige eigenaren dat toen niet bekend was welk

een historische achtergrond die bal had. Het had de ambtenaar van de burgerlijke stand wellicht kunnen inspireren om in zijn toespraak woordspelingen te maken op verbinding tussen kaatsen en het leven van alle dag, want 'jout it libben net mei stean en fallen, rju driuwerkes nei stive ballen'?

*Theo Kuipers*

## Spanning tusken tradysje en fernijing

Formule Freule sterk - noed oer takomst jeugd – ôfstannen te grut, dagen te lang

'De Freule-partij is evenals de P.C., een dag vol sfeer. Om het veld zitten telken jare velen der vroegere winnaars die met weemoed aan hun jeugd terug denken en misschien menen dat er in hun tijd toch beter werd gekeatst. En in het veld wordt met verbeterheid strijd geleverd om de horloges. Vol overgave, met bruisend enthousiasme kaatsen de jongens de hele dag, van 's morgens vroeg tot 's avonds laat. En waar ziet men groter vertwijfeling dan op deze kaatsdag als een partij met alles aan de hang verloren gaat? En waar laait de vreugde hoger op dan hier als de laatste slag gevallen is en een overgelukkig drietal zich klaar kan gaan maken om de gouden klokjes in ontvangst te nemen? Waarlijk de Freule-dag is enig in z'n soort.'

Ofsjoen fan styl en wurdkar, dy't net mear by in sportferslach fan hjoed de dei passe, is de ynhâld noch like aktueel. It giet hjir om in oanhaal út in artikel yn de Ljouwerter Krante, skreaun op 5 augustus 1953 nei oanlieding fan 50 jier Freule. Doe ek al miende de âlderein dat der yn hár tiid better keatst waard. En ek doe al keatsten de jonges noch like fûl: op 'e Freule woene se har sjen litte. De Freuledei is noch altyd 'enig in z'n soort'.



*Om de bân mei freule De Vos van Steenwijk libben te hâlden, wurdt tradisjoneel elk jier foarôfgeand oan de partij in krânse lein by har monumint op 'e Terp yn Wommels. Foto: Henk Bootsma.*

Mar stilstân is efterútgong. Dat de organisearjende KF Wommels kin net passyf ôfwachtsje. Alderearst giet de ekonomyske krisis har net foarby. De Grontmij, jierrenlang in wisse haadsponsor, hat de stipe stopset. Se hawwe lykwols goede hoop mei gauwens in nije kandidaat te finen. ‘De Freule is in sterk merk’, seit foarsitter Pier Zijlstra. ‘De measte sponsors bliuwe ús trou. De formule is goed en hoecht net oars. It is in prachtich evenemint, dat – hiel bysûnder! – sûnder plysje kin. Ta de goede tradysjes heart ek dat der op it fjild gjin alkohol ferkocht wurde mei. Dêr sjogge wy string op ta. Wy sykje de fernijing yn de ombal-lingen: in grut part fan de tribunebanken wurdt dit jier ferfongen troch kûpstuoeltsjes. As ien fan de sponsors mei in goede tip komt, dan steane wy dêrfoar iepen. Ien fan har hat it idee oppere om it publyk ‘it talint fan de dei’ kieze te litten.’

Wat wol soargen jout, is it stadich tebekrinnen fan it tal dielnimmende partoeren. Jierrenlang skommele dat tusken de 50 en 60, de lêste jierren helje se de 50 net mear. De swarte klaaihoeke yn it noardeasten is in wite flek. Yn dat eardere bolwurk fan de CFK wurdt omraken keatst, mar Wommels leit blykber te fier út 'e reek. Ferline jier hat Hantum meidien. Zijlstra hat him foarnommen om derhinne en har te freegjen hoe't it foldien hat. Faaks kinne se oare ferieningen oerhelje. En wêr bliuwe de fanâlds sterke keatsdoarpen? Marsum, Mantgum, Baard, Penjum en Kimswert litte it al jierren ôfwitte, lykas Ljouwert, dat nei de gloarieuze jierren sechstich gjin eigen kweek

fan kwizekwânsje mear leveret.

It soe moai wêze as de teller werris boppe de 50 komt.

Oer tellen praat: 1953 – sjoch boppe – wie de ien-nichste kear dat it klokje fan it bestjoer lyk rûn. It bestean fan 75 jier Freule waard dêrnei yn 1977 fierd yn stee fan yn 1978. De list rieplachtsjend soe men fan tinken hawwe kinne dat it bestjoer yn 'e beane west hat, want dêr stie ‘1902-1977’ boppe. En de poppe fan freule Clara Jacoba de Vos van Steenwijk kaam earst yn 1903 te wrâld. It fersin wie fan dy gefolgen dat it ieufeest yn 2002 fierd waard – ek wer in jier te betiid. En no makket it tsjinwurdige bestjoer him op om fan 't simmer it 110-jierrich bestean te fieren, wylst dat pas yn 2013 safier is. De Freule is no noch yn har 110<sup>de</sup> jier*gong* en om de betizing noch wat grutter te meitsjen is it pas de 107<sup>de</sup> Freulepartij dy't ferkeatst wurdt.

Trije kear, yn it mobilisaasjejier 1914 en de oarlochs-jierren 1943 en 1944, is de dei net trochgien.

**Priisfraach keatsliet**

Foarsitter Pier Zijlstra wie net mei de ferkearde jiertel-lerij op 'e hichte, mar it jubileum soe wat him oangiet wol in jier ferskood wurde kinne, net allinnich om't se dan wer lyk rinne mei de PC, dy't har wol oan it oprjochtingsjier 1853 hâldt, mar ek om't de Fryske folk- en popsjongers en –groepen dan mear tiid krije foar it meitsjen fan in oansprekkend keatsliet. Want dêr wolle se ta gelegenheid fan it jubileum in

priisfraach foar útskriuwe. ‘Yn de *Wis-In* hat Sybe Joostema it alris oankundige, hy soe de priisfraach ek graach ferbreedzje wolle en oproppe foar gedichten en ferhalen. It soe dan in mienskiplik oparbeidzjen wurde kinne mei KNKB en PC.’

Fan eigentiidse keatslieten dy't de jeugd oansprekke, is sûnder mis ferlet. De besteande lieten binne de âld-frinzige kant it neist, op in pear útsûnderingen nei. Ta gelegenheid fan hûndert jier KNKB hat It Skriuwers-boun yn 1997 in bondel gedichten en ferhalen út-brocht fan in lytse hûndert keatsfreonen, *Tuskenspul*. Dêryn bringt Doekle Yntema in oade oan it Grouster jongespartoer dat yn 1989 de finale helle en der doe troch Frjentsjer ôfkeatst waard: ‘Jim fochten fel op stuit en krite / mar Frjentsjer luts oan 'e langste ein / ‘t Wie tryst foar jim, ek dát is keatsen / jim ha ferlern / mar wês dochs net ferslein.’ En neffens it ferslach-op-rym fan Libbe Mud waard yn 1996 de preemje foar de Wergeaster jonges thús yn ‘s Lâns Wolfarren as in oerwinning fierd.

Dat boekje hat better net te witten net folle omtinken krigen, al hiene guon as liet bedoelde fersen it fertsjinne op muzyk set en útfierd te wurden, lykas de ‘Oanmerkerspolka’ fan Roel Oostra, mei de kearsang:

*Dit is de polka fan de jongerein dy't elke omloop blokjes leit en dy't, dat moat ris dúdlik sein, Hast gjin wurdearring dêrfoar krijt. Us draven mei dy blokken oer it fjild Is dat der net mar wat op ta? ‘t Giet ús net yn 't earste plak om jild, Erkennung wol wy ha!*

Dy oanmerkers binne de keatsers fan de takomst. De KF Wommels hat likernôch hûndert jeugdleden, in fiifde part fan it ledebestân. Zijlstra: ‘Wy moatte der hurd oan lûke om dat tal op peil te hâlden.’ Keatsen ferget nammers behalve it entûsjasme fan de bern ek de folsleine meiwurking fan de âlden, en net inkeld passyf. Se moatte it hiele wykein beskikber wêze – en oars as mei fuotbaljen is it noait te sizzen wannear’t se klear binne. Wat langer har bern der ‘oan’ binne, wat letter it wurdt.

It is ek net mear sa fanselssprekkend dat de bern by 't keatsen gean. Foarhinne wiene it de skoalmasters dy't har der by skuorden. Yn Wommels bygelyks masters as Geertsma en Vijlbrief. ‘Jo moatte der keatsbloed yn bringe’, plichte Vijlbrief te sizzen, mar dat rekkenje de ûnderwizers fan hjoed de dei net mear ta har taak. Nei skoaltiid reizgje se ôf nei har wenplak – fier fan it doarp fan har skoalle. Keatsbloed binne se sels ek brek, dat de oplieding is yn hannen fan frijwilligers fan de feriening. Dêrneist binne in pear entûsjaste leden, Wichard Deinum en Jappie Wynia, dit jier op eigen

manneboet út ein set mei ‘keatsskoalle’ De Greid-hoeke. De KF Wommels en de KNKB stypje dit inisjatyf, dat him rjochtet op jonges en famkes welpen en earstejiers pupillen. Elk kin him of har derfoar opjaan, de skoalle is net oan de greidhoeke bûn. De earste oprop die fuort fertuten, de fjouwer groepen (maksimaal 8 spilers de groep) wiene moai gau fol. De wintertrainingen, dy’t hâlden wurde yn Bogerman Wommels, de sporthal fan Easterein of keatshal De Trije yn Frjentsjer, binne yn febrewaris begûn. Fan april ôf wurdt der twa kear wyks treend op it keatsfjild fan Wommels.

It doel is sa it reservoir aktyf keatsende bern yn fede-raasje- of KNKB-ferbân grutter te meitsjen.

**Greidhoekekompetysje**

Nei de ‘jonges’ brekt der foar de jonge keatsers in nuodlike leeftyd oan. Se komme foar de kar te stean: trochgean as junior of net. Om de kar foar har oantreklik te meitsjen, hat KF Wommels yn 2010 it inisjatyf nommen foar de greidhoekekompetysje. Mei trije oare keatsferieningen yn Littenseradiel - KF Easterein, KF Onder Ons Easterlittens en KF Jacob Klaver Mantgum – waard de striid oangien. Elk doarp levere in frouljustiim, in manljus junioaretiim en in manljus senioaretiim. Der waard net praat oer partoeren, mar oer tiims fanwege de fjirde man/frou: om it taktysk aspekt te befoarderjen, krige elk tiim ien wikselspiler, dy’t yn 'e rin fan de wedstriid ien ferfange mocht. Der waard spile yn twa poules fan trije ferieningen, elk tiim spile in thús- en in útwedstriid. De winst waard

beleanne mei ien punt. Elk koe alsa winne of ferlieze mei 2-1 of 3-0. De wedstriden waarden hâlden op woansdeitejûn, de winners fan beide poules spilen yn Wommels de finale. Ferline jier diene ek twa ferie-ningen út de bouhoeke mei, OKK fan Bitgum en Drie Spul is út fan St. Anne, en de gedachten gean no út nei in greidhoeke-bouhoeketreffen. Mar it probleem is om dêrfoar spyldagen te finen yn de grôtfolle aginda fan de KNKB.

De doarpekompetysje – mei as grut foardiel mear spanning yn minder tiid - wurdt as ‘interessante optie’ neamd yn it businessplan, dat Tsjisse Wallendal c.s. makke hawwe om de delgong fan de keatssport te kearen: *Langzaam sterven...of de bakens verzetten en het roer om!* De belangrykste fertsjinste derfan is dat dit mei sifers en hurde gegevens ûnderboud is. Men moat jin net blyn stoarje op de pear saneamde klassikers dy't noch altyd in protte publyk lûke, mear fanwegen de sosjale as sportive aspekten. In feit is dat it gemiddelde tal taskôgers dat jierliks nei de keatswed-striden fan de haadklassers giet, dramatysk weromrint: de lêste tsien jier mei likernôch 5500 of 21 persint. Foaral de sneonen moatte it belije. As der wêzentlik neat feroaret, wurdt dat allinnich mar slimmer. Yn it tal sneonswedstriden sil dus rigoereus snijd wurde moatte.

Dat it jeugdkeatsen hiel oars organisearre wurde moat, is noch helte wichtiger. De jeugd hat de ta-komst, mar sa't der no mei har omsoald wurdt, is in oanslach op har talinten. Jonges en famkes wurde



*It kompetysjeteam fan Wommels. Links de senioaren en rjochts de junioaren. Om't der ek ûnder de partij gelegenheid is om te wikseljen bestie it Wommelser froulju's team út fjouwer dames. Foto: Henk Bootsma.*

rûnom hinne stjoerd; ear't se in pear meter slaan kinne, moatte se tsientallen kilometers meitsje, dat is te sizzen mei de âlders of begelieders, en dy hawwe der yn dizze tiid hieltyd minder nocht oan. Hjir moat it roer dus foargoed om. Dat is lykwols makliker sein as dien yn sa'n lâns tradisjonele linen organisearre bûn as de KNKB. Fan de mear as 120 oansletten ferieningen hawwe fierwei de measten -85- gjin oare ambysje as noflikke potsjes keatse. Al dy ferieningen

bestean al langer as hûndert jier. Tradysjes wurde net maklik oerboard smiten. It is de ivige striid tusken de ratio en de emoasje. Doe't Foppe de Haan in pear hurde nuten kreake oer de treningsmetoaden\*), waard him troch dizze en jinge fuort foar de fuotten smiten dat er gjin rjocht fan praten hie, hy moast him by it fuotbaljen hâlde. Dat hokjestinken slacht yn it keatswrâldsje noch te faak foar master op. It omsmiten fan it roer easket in mentaliteitsomslach en dêr

giet op syn minst noch wol in generaasje oer hinne. It is de baas om alfêst mei lytse stapkes te begjinnen.

*Pieter de Groot*

*\*) Yn û.o. it ynterview fan Wjo Joustra mei Foppe de Haan yn De Keatsfreon 2006, siden 28 e.f.: 'Kaatsers zijn geen topsporters en het evenwicht in het kaatsen is zoek'.*

## 'n Kaatsbâltsy in 'e bûs

Hij komt tussen de mooie rommel weg in 'n bordpepiere-rene doas, die 't krekt út de frachtauto sjoud is met spul fan 'e stort in Stiens. 't Is allegaar nag 'n kringloopleven wirg. Even later geeft de priistang him 'n part fan syn waarde werom en gaat-y de winkel in as 'n betúltsys opsloegen bâl die't wacht op wie't him werom slaan sil.

Geregeld koier ik even deur de kringloopwinkel fan Omrin Estafette hier in 't dorp. Bin der ok al jaren frijwilliger en sit dan op de bovenferdieping hest letterlik in de boeken. In soa'n winkel komme je fan alles teugen. Fral at 't wat fan froeger is, geeft dat faak de wêrme herkinning fan wat pake en bep in 'e huus hadden. En je siene, met wat inbrocht wort, ok tiid met feranderen.

Der lait-y, in de fitrine, te koop, 'n kaatsbâltsy. 't Foelt fortendaliks as at-y deur mij weromsloegen worre wil. Ik pak 'm in myn rechterhând en bin werom op de ouwe kaatsfelden, in Belkum, Kubaard, Tsjum, Welsryp, Morra-Lioessens, Anjum en al die andere CFK-dorpen in de kaatshoek fan Fryslân. Werom op 'e Waaie in St.-Anne.

Myn gedachten nimme 'n frije anloop. Wat het dut kaatsbâltsy allegaar metmaakt. Wie het him opsloegen, wie kaatste 'm werom tot feer over de boven. Het d'r op spoid, d'r na 'n misse slag tunan skopt. Wer het-y achter de boven in 'e sloat laid, is 'n hut om socht in 'e haag om 't kaatsfeld hine. Wat het die kaatsbâl mij te fertellen. Ik lúster.



Lústere wy nag wel na wat de kaatsbâl ôns te fertellen het? 't Ouwe ferhaal fan 'n ontspannen tiidferdriif, dat einfoudige spultsy dat de bedikers fan 't Bildt metbrochten fanút hurren weungebiet in Súdholand, Seeland en de Biesbosch in Brabant. 'n Perk waar gau laid en 'n bovenlyn trokken. Wij trokken wat rechte toeken fan de wilgebomen die't om de Waaie stonnen. Merkten 'n kaats an met 'n opdroogde skapekeutel. 'n Hard, klain luchtbâltsy ferfong de kaatsbâl.

Dat klaine bâltsy het eeuwenlang mînsen bijnander brocht, plesier geven en liik maakt, met nander de hând geve as sportive ôfslutting fan 'n spannende kaatspertij. 't Bâltsy het koaningen maakt en fersloegen perturen gûlle laten. Het de hannen fan 't peblyk opnander brocht en kaatsers kailden met de smoor in hurren mof deur 'n omkleedrûmte. 'n Week later brocht dat selde bâltsy kaatsers en kaatsliefhewwers weer bijnander op 'n ander plak in de jaarlikse kringloop fan wedstriden. Begonnen wy allegaar weer met 'n skoane tillegraaf.

Maar soa starichysan is 't de fraag at wy elke pertij wel met 'n skoane tillegraaf beginne. 't Speulfeld wort ferlaid tot soms feer bûtten de kaatslinen. Die't die mof past, mot syn hând d'r maar even insteke. Wy motte tena lústere na wat 't ouwe kaatsbâltsy ôns te sêgen het. En ik kin jim anrade dat at je 'n kaatsbâltsy in 'e bus hewwe, dat even beetpakke foordat je wat sêge of skrive, je tot andere insichten komme kinne.

Ik waar fan doel te skriven dat 'n fizy 't hoofdbestuur fan de K.N.K.B. niet ontsaid worre kin. Foorútlopende op de an de order stelde bestuurlike samenfoeging fan de drie noordelike prevînsys worde 't hoofdbero fan úthoek Franeker naar 't dan feul sintraler lêgende Heerenveen overbrocht. Maar wat hewwe je an dutsoort ok nag lollig bedoelde opmerkings. Al lucht 't wel op dat 't skreven is.

"Wat hest nou weer in dyn bússen sitte laten." D'r wort 'n spikerbroek út de te wassen kleren omhoog houwen. Bliksem, dat bâltsy mot de wasmesine niet met in. Ik wil 't kommende kaatsseizoen niet met 'n skoane kaatsbâl in 'e bûs om de felden lope. Hij het my soa feul meer te fertellen.

*Leendert Ferwerda*